www.fryske-akademy.nl



# Jierferslach 2010

FRYSKE AKADEMY

## De Fryske Akademy yn 2010

De Fryske Akademy gong yn 2010 fierder mei it bouwen op de by de fisitaasje yn 2009 as 'zeer goed, hier en daar zelfs excellent' beoardiele punten yn it ûndersyk. Fierder moast de Akademy ek realistysk ynsette op de feroarings dy't har foardogge. Dêrby giet it om sawol bedrigingen as kânsen:

- In struktureel legere lumpsumsubsydzje as dat rûsd wie yn 'e mearjierresifers fan it *Masterplan 2007-2012* hie as gefolch dat de fakatueres foar in letterkundich ûndersiker en de bysûndere learstoel foar dat fak net opfolle waarden.
- De resultaten litte sjen dat de produksje heech leit, mei mear omtinken foar de ynternasjonale diminsje. Oer it algemien jildt dat mei in lytsere fêste wittenskiplike stêf yn ferliking mei 2009 rûchwei in ferdûbeling realisearre is fan it oantal *refereed articles*, it oantal haadstikken yn boeken en it oantal 'fakpublikaasjes: rapporten'.
- Provinsjale Steaten seinen in bydrage fan 2,3 miljoen euro ta foar de kosten fan renovaasje en nijbou. Dêrmei komt de folsleine realisaasje fan it herstelpaad út it *Masterplan 2007-2012* yn 't sicht.

De diskusje oer kânsen en bedrigingen hie as resultaat in nij *Strategysk beliedsplan 2010-2014*, mei ambysjes foar de kommende jierren.

### Sosjale Wittenskippen

De fakgroep Sosjale Wittenskippen hat trije pylders: meartalichheid, ûnderwiisûndersyk en sosjale duorsumheid.
It fakgroepsûnderdiel Mercator Kennissintrum rjochtet him op meartalige regio's dy't te krijen hawwe mei regionale of minderheidstalen.

In nij projekt wie it 'Civil Society Platform to promote Multilingualism for Intercultural Dialogue', dat ynsteld is troch de Europeeske Kommisje. Akademyûndersiker drs. Cor van der Meer is foarsitter fan de projektwurkgroep Education.

It Boppeslachprojekt ûndersiket de effekten fan de provinsjale stimulearring fan it basisûnderwiis yn Fryslân. Yn 2010 is ûnder oaren de útgongssituaasje fan de skoallen yn kaart brocht.

Op it mêd fan sosjale duorsumheid binne it ûndersyksprogramma *Waddenwelzijn* en de ferkenning 'The *Many Faces of Sustainability*' yntsjinne.

Bestjoerskundige dr. Piet Hemminga produsearre in ferlykjend-bestjoerskundich ûndersyk fan Europeeske modellen foar it management fan taalbelied, mei spesjaal omtinken foar de betsjutting dêrfan foar de fierdere ûntwikkeling fan goed taalbelied foar de praktyk yn Fryslân.

### Taalkunde

In konsortsium fan Meertens Instituut, Fryske Akademy, Universiteit Leiden en Instituut voor Nederlandse Lexicologie krige in NWO-grut subsydzje foar it Taalportaalprojekt, in onlinegrammatika fan it Standertnederlânsk en it Standertfrysk.
In prototype fan in nije ferzje fan de yntegrearre Taaldatabank fan it Frysk is ûnderwilens beskikber op www.fryske-akademy.nl/tdb. Dêr wurde alle oerlevere Fryske teksten fan 'e iere midsieuwen ❶ oant 1800 yn opnommen en in grut korpus fan teksten fan nei 1800.

Mei stipe fan de Ottema-Kingmastichting waard in tekstedysje fan *Codex Unia* makke mei dêryn de âldste Fryske teksten út de provinsje.

Yn july organisearre de Fryske Akademy tegearre mei it Instituut voor Nederlandse Lexicologie it 14de Euralexkongres ❷. Dat ynternasjonale wittenskiplike kongres foar leksikografy joech wiidweidich omtinken oan de leksikografy fan lytsere talen, c.q. minderheidstalen yn Europa en oan de wittenskiplike ferniging en ynnovative technologyen yn de leksikografy fan de takomst. Har Majesteit Keninginne Beatrix ❸, dy't yn 1984 it papieren diel 1 fan it *Wurdboek fan de Fryske taal/ Woordenboek der Friese taal (WFT)* yn ûntfangst naam, brocht it komplete wurdboek by de iepeningssesje fan it Euralex-kongres online. De digitale ferzje stiet op: http://gtb.inl.nl.



❹

EURALEX LEEUWARDEN 2010 ❷



❻



❸

Op basis fan it *WFT* is bydroegen oan de twatalige syktesaurus Aquabrowser fan Tresoar en de Bibliotheekservice Fryslân.

De fakgroep is út ein set mei de planning fan:

- in nij Nederlânsk-Frysk oersetwurdboek, ek geskikt foar onlinetapassingen en as oersetapplikaasje.
- in nije op webtechnology basearre *Taalhelp* foar it Frysk, dy't breder tapasber is as allinnich foar Microsoft Office applikaasjes.

### Skiednis en Letterkunde

De fakgroepsleden hawwe har benammen en foaral mear ynternasjonaal presintearre. De lêzingen hawwe in goede byrispinge yn 'e foarm fan ynternasjonale publikaasjes.

Mei de grutte belangstelling foar de ferskate publykslêzingen is de fakgroep stevich yn de Fryske maatskippij ferankere. De belangstelling foar HISGIS ❹ (Historisch Geografisch Informatie Systeem, http://www.hisgis.nl) bliuwt oanhâldend grut, yn sawol Fryslân as dêrbûten. Sa waard no ek de provinsje Grinslân taheakke, en koe it wurk oan it HISGIS foar de provinsje Utert dien makke wurde. Der binne ek foarriedige ferzjes fan de dielen fan Drinte en Oerisel klearmakke.

Fan *De stinzen in middeleeuws Friesland en hun bewoners* ❺ fan drs. Paul Noomen is yn 2010 de tredde printinge útkommen, twa jier nei de publikaasje.

As nij ûndersyksprojekt honorearre it Frysk Genoatskip in oanfraach foar it dwaan fan argyfûndersyk yn Kew (Ingelân) nei de Fryske *Prize papers*. Dat is in wichtige stimulâns foar de ûntwikkeling fan it ûndersyk nei de Fryske maritime skiednis fan de Iermoderne Tiid.

### Wurkferbannen en wurkgroepen

De folgjende wurkgroepen en wurkferbannen wienen warber yn 2010: de Musikologyske Wurkgroep, it Literêr-Historaysk Wurkferbân, it Taalkundich Wurkferbân, de Wurkgroep Maritime Skiednis, it Biologysk Wurkferbân, it Genealogysk Wurkferbân, de Fryske Ried foar Heraldyk en de Wurkgroep Akademylêzingen.

>>

*Kolofon*
© Fryske Akademy 2011, Ljouwert

*Basisfoarmjouwing en opmeitsjen*
Visser en de Graef Communicatie, Ljouwert

*Fotografy*
Visser en de Graef Communicatie, RG Fotowerk en Fryske Akademy

*Printer*
Hellinga Grafische Specialisten, Ljouwert

KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

provinsje fryslân
provincie fryslân

>> lês hjir fierder

It Taalkundich Wurkferbân organisearre yn it ramt fan Oktober Kennismoanne de fjirde Dei fan de Fryske Taalkunde. Leden fan de Fryske Ried foar Heraldyk wurken mei oan de Nije *Encyclopedie van Fryslân* en publisearren artikels oer Fryske famyljewapens, doarpswapens en grêfsarken yn Ljouwerter tsjerken.

### Leden

De Fryske Akademy beneamde acht nije leden ❻. De professoaren Jouke van Dijk en Pim Kooij en dr. Johanneke Liemburg waarden beneamd op grûn fan harren fertsjinsten foar de wittenskip. Dr. Piet Hagen en Jelma Knol waarden beneamd fanwege harren fertsjinsten foar de wittenskip en foar de Fryske kultuer. Op grûn fan harren fertsjinsten foar de Fryske kultuer waarden Klaas Bruinsma en dr. Geart Benedictus beneamd. Jeltje Kingma waard lid fanwege har oanhâldende niget oan de wittenskip en de Fryske kultuer.
Yn 2010 binne - foar safier bekend - fiif leden fan de Fryske Akademy stoarn. Mei-inoar hat de Fryske Akademy no 369 leden.

### Personiel en organisaasje

De Fryske Akademy hie begjin 2010 61 (45,9 fte) meiwurkers yn tsjinst. Oan 'e ein fan it jier wienen dat 60 (45,3 fte): 21 (17,6 fte) wittenskippers, 6 (5,4 fte) promovendy, 14 (8,8 fte) stipeferlieners oan it ûndersyk en 19 (13,5fte) meiwurkers fan Algemiene Saken. By de Fryske Akademy wurken 34 (27,6 fte) manlju en 26 (17,8 fte) froulju.
De ynstelling joech de mooglikheid ta in staazjeplak oan 4 mbû-learlingen, 2 hbû-studinten en 3 wû-studinten.

### Eksploitaasjerekken

| | Realisaasje 2010 | Begrutting 2010 |
|---|---|---|
| *Totale baten* | *€ 4.374.822* | *€ 3.871.850* |
| *Totale lêsten* | *€ 4.178.583* | *€ 3.695.299* |
| ***Eksploitaasjesaldo*** | **€ 196.239** | **€ 176.551** |

### Leeftydsopbou meiwurkers:

| | |
|---|---|
| 0 (0 fte) | < 25 jier |
| 17 (13,4 fte) | 26-35 jier |
| 7 (5,5 fte) | 36-45 jier |
| 18 (14,1 fte) | 46-55 jier |
| 18 (12,4 fte) | 56-65 jier |
| 0 (0 fte) | > 65 jier |

### Bysûndere learstuollen/lektoraat

De Fryske Akademy hat it bestjoer fan 'e Universiteit fan Leiden it advys foarlein om de beneaming fan prof.dr. Hans Mol op de bysûndere learstoel Fryske Skiednis foar fiif jier fuort te setten.
Oan dyselde universiteit is it útstel dien om de oanstelling fan prof.dr. Rolf Bremmer op 'e bysûndere learstoel Fryske Taalkunde te ferdûbeljen nei 0,2 fte.
Dr. Arjen Versloot is beneamd ta bysûnder hechlearaar Fryske Taalkunde oan 'e Universiteit fan Amsterdam foar 0,2 fte.
Dêrneist hat de Fryske Akademy yn oparbeidzjen mei de NHL Hogeschool en Stenden Hogeschool, en mei jildlike stipe fan de Provinsje Fryslân, it lektoraat Fryske en Meartaligens yn Underwiis en Opfieding ynsteld. As lektor is dr. Alex Riemersma beneamd, allyksa ferbûn oan it Mercator-projekt fan de Fryske Akademy.

### Kearnpublikaasjes 2010

- Arocena-Egaña, E., Douwes, R.M. & Hanenburg, M.H.N. (2010). *Frisian and Basque Multilingual Education: A Comparison of the Province of Fryslân and the Basque Autonomous Community.* Ljouwert: Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.
- Faber, Niels R., Kristian Peters, Laura Maruster, Rob van Haren, René Jorna -"Knowledge management's role in the management of sustainable innovation". *International Studies of Management and Organization*, Vol. 40, No. 3, pp. 8-22.
- Moolenbroek, Jaap van & J.A. Mol (red.) (2010). *De abtenkroniek van Aduard. Studies, editie en vertaling* (Middeleeuwse Studies en Bronnen, 121) Hilversum / Leeuwarden: Verloren, 373 pp ❼.
- Visser, Willem (2010). 'Historical gender change in West Frisian'. in: *Morphology*. Vol. 21, nr. 1, 31-56.

### Wittenskiplike gearkomsten

De Fryske Akademy organisearre, al of net yn 'e mande mei oaren, njoggenentweintich sympoasia en kongressen. Sechtjin dêrfan wienen ynternasjonaal.
Dêrnjonken kamen hege wittenskiplike en bestjoerlike delegaasjes út Oksitanië en Sina op besite dy't ynteressearre wienen yn de opset en wurkwize en ek it mânske ynternasjonale netwurk fan de Fryske Akademy.



❶ De kaam fan Toarnwert (8e ieu) mei dêrop yn runetekens it Aldfryske wurd 'kobu' (= kaam)

❺



❼



### Promoasjebegelieding

Der rûnen seis ekstern finansierde promoasjetrajekten, dêr't yn ferbân mei de startdata noch gjin promoasje fan te ferwachtsjen wie.
Bûtengewoan fakgroepslid Sosjale Wittenskippen prof.dr. Durk Gorter en prof.dr. René Jorna, fakgroepshaad Sosjale Wittenskippen, begelaten elk in eksterne promoasje.
De Fryske Akademy wurke mei oan de tariedingen fan de University Campus Fryslân en set dêrby foaral yn op de oplieding fan in nije generaasje ûndersikers.

### Websites

De Fryske Akademy hold yn 2010 seis websites yn 'e loft:
www.fryske-akademy.nl
www.hisgis.nl
www.networkofschools.org
www.mercator-research.eu
www.mercator-network.eu
www.euralex2010.nl

### Njonkenfunksjes leden Ried fan Tafersjoch en direkteur-bestjoerder

De Ried fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy bestie út:

- Foarsitter Marten Koopmans (1939), dêrneist ek foarsitter Stichting Bibliotheekservice Fryslân, foarsitter Raad van Beheer School Lyndensteijn, foarsitter Raad van Toezicht Stichting Limor, foarsitter Noordelijke AdviesRaad Politie en lid Raad van Afvaardiging Omrop Fryslân;
- Lid prof.dr. Eric Reuland (1944), dêrneist ek fakulteitsheechlearaar Taal en Cognitie Universiteit Utrecht en lid wittenskiplike ried Utrecht Institute of Linguistics OTS;
- Lid drs. Folkert van der Meulen (1956), dêrneist ek wurksum by NOM as manager stichting Noordelijke ProductiviteitsAlliantie en sekretaris Stichting Nationaal T&U Platform;
- Lid drs. Hans Bronneman (1946), dêrneist ek vice-foarsitter bestjoer Stichting Interacademiale Opleiding Organisatiekunde, Interuniversitair Centrum voor Organisatie- en Veranderkunde;
- Lid mr. Douwe de Vries (1942), dêrneist ek bestjoersfoarsitter Ottema-Kingma-Stichting.

Direkteur-bestjoerder:

- Prof.dr. Reinier Salverda (1948), dêrneist ek Honorary Professor Dutch Language and Literature University College London, lid fan de Wetenschappelijke AdviesRaad Waddenacademie, bestjoersfoarsitter Stichting *De Moanne*, en deputy editor fan jierboek *The Low Countries*.



www.fryske-akademy.nl



# Annual Report 2010

FRYSKE AKADEMY

>> continue reading

# The Fryske Akademy in 2010

In 2010 the Fryske Akademy built on the items assessed as 'very good, even excellent in places' in the 2009 Review report. In addition, the Akademy had to focus with a realistic view on the changes ahead, both threats and opportunities:

- A lump sum subsidy that was decreased structurally compared to the estimated long-range figures in the *2007-2012 Masterplan* meant that the vacancies for a literary researcher and the endowed chair in this field were not filled.
- The results show that production is high, with increased attention to the international aspect. Generally speaking, the number of refereed articles, the number of chapters in books and the number of reports roughly doubled compared to 2009, even though the permanent research staff had decreased.
- The Provincial States promised to contribute 2.3 million euros to the costs of renovation and new constructions, which means that full realisation of the renovation plan discussed in the *2007-2012 Masterplan* is feasible.

The discussion of threats and opportunities resulted in a new *2010-2014 Strategic Policy Plan*, describing the Fryske Akademy's ambitions for the years ahead.

## Social Sciences

The Social Sciences Research Group has three pillars: multilingualism, educational research, and social sustainability.
The Mercator Research Centre, part of the Research Group, focuses on multilingual regions in which regional or minority languages are spoken.

The Civil Society Platform to promote Multilingualism for Intercultural Dialogue, set up by the European Commission, is one of the Akademy's latest projects. Akademy researcher Cor van der Meer acts as chairman of the Education project working group.

The *Boppeslach* ('Success') project studies the effects of the provincial stimulation of primary education in the Province of Fryslân. In 2010, among other things, the starting situation of the schools was surveyed.

In the field of social sustainability, the *WaddenWelzijn* ('Wadden Well-being') research programme and an explorative research project into 'The Many Faces of Sustainability' were submitted.

Piet Hemminga, who has a doctorate in public administration, published his comparative research of European public administration models for managing language policies, paying particular attention to their significance for the continued development of an effective language policy for the Frisian situation.



4

## Linguistics

A consortium of the Meertens Institute, the Fryske Akademy, Leiden University and the Institute for Dutch Lexicology received a NWO ('Netherlands Organisation for Scientific Research') grant for its Language Portal project, an on-line grammar of Standard Dutch and Standard Frisian. A prototype of the latest version of the integrated Frisian Language Database is available on www.fryske-akademy.nl/tdb. It is to contain all Frisian texts passed down from the early Middle Ages (1) up to 1800, as well as a large body of texts from after 1800.

A text edition of *Codex Unia*, containing the oldest Frisian texts in the province, was published with the support of the Ottema-Kingma Foundation.

Euralex LEEUWARDEN 2010

2



6

In July, the Fryske Akademy organized together with the Instituut voor Nederlandse lexicologie ('the Institute foar Dutch Lexicology') (2). The international scientific congres for lexicography paid ample attention to the lexicography of the smaller or minority languages in Europe, as well as to the scientific innovation and innovative technologies concerning the lexicography of the future.



3

Her Majesty Queen Beatrix (3), who accepted the first volume (on paper) of the *Wurdboek fan de Fryske taal/ Woordenboek der Friese taal (WFT)* ('Dictionary of the Frisian Language') in 1984, put the full dictionary on-line during the opening session of the Euralex congress. The digital version is available at http://gtb.inl.nl.

Aquabrowser, the bilingual search thesaurus of Tresoar, and *Bibliotheekservice Fryslân* ('Fryslân Library Service') are partially based on the *WFT*.

The Research Group started work on:
- a new Dutch-Frisian translation dictionary, suitable for on-line application and translation application.
- A new webbased Taalhelp ('Language Help') for the Frisian language, which will be more broadly applicable than with Microsoft Office application alone.

## History and Literature

The members of this Research Group were intentionally more visible on the international podia. Their lectures resulted in a number of international publications.

The wide interest in various lectures for the general public has given the Research Group a solid base in Frisian society. The interest in HISGIS (4) (the Historical Geographical Information System, www.hisgis.nl) remained keen, both inside Fryslân and out. Among other things, the Province of Groningen was added, and work on the HISGIS for the Province of Utrecht was concluded. Preliminary versions for parts of Drenthe and Overijssel were realised as well.

In 2010 Paul Noomen's book *De stinzen in middeleeuws Friesland en hun bewoners* ('The Stinsen and their Occupants in Medieval Fryslân') (5) saw its third print in two years' time.

The *Frysk Genoatskip* granted an application for a new research project carrying out archive research in Kew (England) into the Frisian Prize Papers. It is an important incentive for the development of the research into the Frisian maritime history of the early modern period.

## Working groups

The following working groups were active in 2010: the Musicology working group, the Literary Historical working group, the Linguistics working group, the Maritime History working group, the Biology working group, the Genealogy working group, >> the Frisian Council for Heraldry and the Akademy Lectures working group.

The Linguistics working group organised the fourth Day of Frisian Linguistics within the framework of 'October Knowledge Month'.
Members of the Frisian Council for Heraldry cooperated on the new *Encyclopedie van Fryslân* and published articles on Frisian family arms, local arms and grave stones in Leeuwarden churches.

## Members

The Fryske Akademy appointed eight new members (6). Professor Jouke van Dijk, professor Pim Kooij and Johanneke Liemburg were appointed on account of their contributions to science. Piet Hagen and Jelma Knol were appointed on account of their contributions to science and to Frisian culture. Klaas Bruinsma and Geart Benedictus were appointed for their contributions to Frisian culture and Jeltje Kingma became a member on account of her continued interest in science and Frisian culture.
Five members of the Fryske Akademy passed away in 2010, as far as we know. At present, the Akademy has 369 members.

## Personnel and Organisation

At the beginning of 2010 the Fryske Akademy employed 61 (45.9 fte) staff members. By the end of the year, their number had decreased to 60 (45.3 fte): 21 (17.6 fte) scholars, 6 (5.4 fte) PhD students, 14 (8.8 fte) research support staff members and 19 (13.5) staff members working in the General Affairs Department. The Fryske Akademy employs 34 (27.6 fte) men and 26 (17.8 fte) women. The institute offered traineeships to 4 students from upper secondary vocational schools (*mbo*), 2 students from higher professional education institutions (*hbo*) as well as 3 university students.

## Statement of Income and Expenditure

| | Realisation 2010 | Budget 2010 |
|---|---|---|
| *Income total* | *€ 4.374.822* | *€ 3.871.850* |
| *Expenditure total* | *€ 4.178.583* | *€ 3.695.299* |
| ***Balance*** | **€ 196.239** | **€ 176.551** |

## Age distribution staff members

| | |
|---|---|
| 0 (0 fte) | < 25 years of age |
| 17 (13.4 fte) | 26-35 years of age |
| 7 (5.5 fte) | 36-45 years of age |
| 18 (14.1 fte) | 46-55 years of age |
| 18 (12.4 fte) | 56-65 years of age |
| 0 (0 fte) | > 65 years of age |

## Endowed chairs

The Fryske Akademy advised the Board of Leiden University to prolong the appointment of Professor Hans Mol as endowed professor in Frisian History by five years.
It was proposed to double the appointment of Professor Rolf Bremmer as endowed professor in Frisian Literature at the same university to 0.2 fte.
Arjen Versloot was appointed as endowed professor in the Frisian Literature at the University of Amsterdam for 0.2 fte.
In addition, the Fryske Akademy in cooperation with NHL Hogeschool and Stenden Hogeschool, and with financial support from the Province of Fryslân, have established a lectureship on the Frisian Language and Multilingualism in Education.
Alex Riemersma, also involved in the Mercator Project of the Fryske Akademy, was appointed lecturer.

## Core publications 2010

- Arocena-Egaña, E., R.M. Douwes & M.H.N. Hanenburg, *Frisian and Basque Multilingual Education: A Comparison of the Province of Fryslân and the Basque Autonomous Community*, Leeuwarden: Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning 2010.
- Faber, Niels R., Kristian Peters, Laura Maruster, Rob van Haren & René Jorna, 'Knowledge management's role in the management of sustainable innovation' in *International Studies of Management and Organization*, Vol. 40, no. 3, pp. 8-22.
- Moolenbroek, Jaap van & J.A. Mol (eds.), *De abtenkroniek van Aduard. Studies, editie en vertaling* (Middeleeuwse Studies en Bronnen, 121) Hilversum/ Leeuwarden: Verloren 2010, 373 pp (7).
- Visser, Willem, 'Historical gender change in West Frisian' in: *Morphology*. Vol. 21, no. 1, pp. 31-56 (2010).

## Scholarly meetings

The Fryske Akademy organised, sometimes together with others, twenty-nine conferences. Sixteen of these conferences were international. In addition, distinguished scholarly and administrative delegations from Occitania and China came to visit, showing an interest in the set up and methods, as well as the extensive network of the Fryske Akademy.



1 The comb from Toornwerd (8th century) engraved with the Old Frisian word 'kobu' (=comb) in runes.



5



7

## Doctoral thesis supervision

There were six doctoral thesis projects in progress, all with outside funding, but not yet at the stage of completion.
Professor Durk Gorter, associate member of the Social Sciences Research Group, and Professor René Jorna, head of the Social Sciences Research Group, each supervised external candidates.
The Fryske Akademy participated in the preparations for the University Campus Fryslân, focusing in particular on the education of a new generation of researchers.

## Websites

The Fryske Akademy maintained six websites in 2010:
www.fryske-akademy.nl
www.hisgis.nl
www.networkofschools.org
www.mercator-research.eu
www.mercator-network.eu
www.euralex2010.nl

## Additional Positions of the Members of the Supervisory Board and the Managing Director

In 2010 the Supervisory Board of the Fryske Akademy consisted of:
- Marten Koopmans (1939), chairman; with additional positions as chairman of the Stichting Bibliotheekservice Fryslân, chairman of the Management Board of the Lyndensteijn School, chairman of the Supervisory Board of the Limor Foundation, chairman of the Noordelijke AdviesRaad Politie and a member of the Raad van Afvaardiging Omrop Fryslân;
- Prof. Eric Reuland (1944), member; with additional positions as a professor of Language and Cognition at Utrecht University and as a member of the scientific council of the Utrecht Institute of Linguistics OTS;
- Folkert van der Meulen (1956), member; with additional positions as manager of the Noordelijke ProductiviteitsAlliantie Foundation with the NOM and as secretary of the Nationaal T&U Platform Foundation;
- Hans Bronneman (1946), member; with an additional position as vice-chairman of the board of the Interacademiale Opleiding Organisatiekunde Foundation with the Interuniversitair Centrum voor Organisatie- en Veranderkunde;
- Douwe de Vries (1942), member; with an additional position as chairman of the board of the Ottema-Kingma Foundation.

Managing Director
- Prof. Reinier Salverda (1948); with additional positions as Honorary Professor of the Dutch Language and Literature in University College London, as a member of the Scientific Council of the Wadden Academy, as chairman of the board of the De Moanne Foundation, and as a deputy editor of the *The Low Countries* yearbook.



*Colophon*
© Fryske Akademy 2011, Leeuwarden

*Design and layout*
Visser en de Graef Communicatie, Leeuwarden

*Photography*
Visser en de Graef Communicatie, RG Fotowerk and Fryske Akademy

*Printer*
Hellinga Grafische Specialisten, Leeuwarden

KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

provinsje fryslân
provincie fryslân